



Nijsbrief december 2023

Doarpsbelang en
Doarpshûs d'Ald Skoalle

Jellum-Bears

Doarpsbelang Jellum / Bears en Doarpshûs d' Ald Skoalle slute it jier 2023 ôf mei noch wat lêste nijsjes.

We winskje elkenien noflikke krystdagen en foar it nije jier in soad gelok en sûnens.

Leaf en leed

Yn 2023 hawwe Jellum en Bears in soad nije bewenners wolkom hjitten meien. Wy hoopje dat jimme jim gau thúsfiere yn ús doarpslibben. Spitigernôch moasten wy troch ferstjerren ek ôfskied nimme fan trije dierbere ynwenners. Wy winskje harren famylje in soad sterkte mei dit grutte ferlies.

Nijs Doarpsbelang - gemeente

Ut gemeente Ljouwert wei is der in doarpenkoördinator, Rikkie Hagen, wêrmei 't it Doarpsbelang koarte lyntsjes hat. Njonken dat se by de jierlikse ledegearkomste oanskoot, hat se ek by in reguliere gearkomste fan it Doarpsbelang sitten. De kommunikaasje mei de gemeente ferrint op dizze wize goed, hoewol 't der noch wol winsken binne om de oerfloed oan mailtsjes en berjochten te stroomlinen. Spitigernôch is dêr neffens har net folle oan te dwaan om 't der meardere ôfdielings binnen de gemeente harren eigen kommunikaasje fiere. It doarpsbelang wurdt net op de hichte holden fan alle wurksumheden lykas de oanlis fan glêsfazel of oare (wei)wurksumheden. Mar de kommunikaasje fierder ferrint hieltyd better.

Sportcoach

Yn desimber is kennis makke mei de buertsportcoach Zeb Tjie A Njiem fan BV Sport. Dizze organisaasje jout útfiering oan it belied foar it stimulearren fan sport en bewegen yn de gemeente. Hy hat foarbylden jûn wat er foar ús doarpen betsjutte kin op it mêd fan sport en beweging. Hy kin bgl. meintinke mei it fernijen en ûnderhâld fan de boarters-tunen, inisjativen foar sportattributen foar jong en âld of helpe mei it opsetten foar in projektplan en oanfragen fan subsydze foar bygelyks in twadde jeu-de-boulebaan. Dit alles kin allinnich yn gearwurking mei doarpsbewenners. Dus hast in idee of inisjatyf en liket it dy leuk om hjir in rol yn te spyljen, dan kinst dit oanjaan by it Doarpsbelang.

Bushokjes

De bushokjes oan de Hegedyk soene yn it twadde fearnsjier fan 2023 ferfongen wurde. Dat is net slagge mar de gemeente hat witte litten dat ferfangen of ferwidening fan bushokjes yn de gemeente al wol rint, dus dat sil yn it nije jier wurde.

Hokker bouwurk fertsjinnet de status monumint

De gemeente Ljouwert sil de kommende jierren nije gemeentlike monuminten oanwize yn ûnder oare it grûngebiet fan de eardere gemeente Littenseradiel. Neist nijsgjirrige objekten binne se ynteressearre yn alle histoaryske ynformaasje en kennis fan 'e omjouwing. Wat binne wichtige barrens yn it ferline dy 't in keppeling hawwe mei plakken yn it doarp? Klik [hjr](#) foar mear ynformaasje en mochtst ynteressearre wêze of in idee hawwe, nim dan kontakt op mei it Doarpsbelang. De wurkgroep histoarje dy 't út it doarpsbelang wei oprjochte wurdt kin dêr dan faaks ek yn stypje.

Nijs op webside

Alle nijs dat Doarpsbelang fan de gemeente of oare ynstellingen krijt, wurde op de webside fan Jellum-Bears pleatst. Dus sjoch foar mear nijs altyd op www.jellumbears.nl.

Robotmeaner keatsfjild

Tanksij finansjele stipe fan it keatsbestjoer, jeften fan bewenners en btw-weromjefte fan de gemeente Ljouwert hat it Doarpsbelang dizze simmer in robotmeaner oanskaft kinne. De robot is ferbûn mei in app dy 't troch in pear minsken beheard wurdt. Sy krije by steuring of alarm in melding, mar dat is dizze simmer mar in inkelde kear bard. De robot



hat foar in prachtich sportfjild soarge en is no yn de winterstop.

Ferkear en feilichheid

It doarpsbelang krige fia de gemeente berjocht dat der noch hieltyd klachten binne oer de hege snelheid wêrmei 't der troch ús doarpen riden wurdt. Nettsjinsteande de oanpassing fan de Hegedyk bliuwt dit probleem spyljen. Simmerdeis is der noch ekstra oerlêst troch it grutte (en flugge) bouferkear. Doarpsbelang fiert hjir ek petearen oer mei de ferkearsaakkundige fan de gemeente, mar ekstra ferkearsremjende maatregels binne op dit stuit gjin opsje. It is benammen ek in kwestje fan inoar ûnderling oansprekke op de snelheid en feiligens, omdat it faak hurdriders út de eigen omjouwing binne.

Ynstruksjejûnen AED

Yn Jellum en Bears hingje AED tastellen dy 't bestimd binne om by hertstilstân reaninearje te kinnen. It op de goede wize brûken fan de AED freget in training. Fanwege grutte belangstelling hawwe der dit jier twa ynstruksjejûnen west. Takom jier wurdt de training werhelle, belangstellenden binne altyd wolkom.

Gift

It Doarpsbelang hat in finansjele bydrage krigen fan € 1.500, -- fan de enerzjykoöperaasje Meinoar Grien Jellum-Bears. In prachtich bedrach dat foar it hiele doarp ornearre is. It doarpsbelang stiet iepen foar eventuele ideeën dy 't passe kinne by in (duorsume) bestimming.

Doarpskeamer

Moanliks stjoert de Doarpskeamer yn Mantgum in nijsbrief mei aktiviteitenprogramma. De Doarpskeamer biedt neist de mooglikheid foar in geselskip byinoarwêzen ek ferskate kursussen en workshops oan. Lês op de [webside](#) wat se oanbiede.

Kontribúsje 2023

Ta beslút wol Doarpsbelang elkenien dy 't de kontribúsje oer 2023 noch net oermakke hat, freegje dit foar 1 jannewaris te dwaan sadat we de boeken oer 2023 slute kinne.

It bestjoer fan it Doarpsbelang winsket elkenien noflike feestdagen en in lokkich 2024.



Nijs Doarpshûs d' Ald Skoalle

It winterseizoen is yntusken al yn folle gong mei it kaarten, biljerten en in jûn foar de Jellum/Bearster froulju. Ek wurdt der repetearre foar in twa-tal toanielstikken.

It doarpshûs Jellum-Bears hat in flinke finansjele bydrage krigen fan 1500,-- euro fan de enerzjykoöperaasje *Meinoar Grien Jellum Bears* foar in temjittekomming yn de hege enerzjykosten fan it ôfrûne jier. Dit komt hiel hoed fan pas en as bestjoer binne wy hjir tige bliid mei.

Mei feriene krêften fan frijwilligers kinne wy de bartsjinsten en it skjinmeitsjen krekt draaiende hâlde, mar wy soene graach sjen dat it oanbod fan frijwilligers wat fergrutte waard, omdat it meastentiids op deselde persoanen delkomt. Dus hast wolris wat tiid oer, jou dysels dan op en besykje it ris.

Utsein de fêste plande aktiviteiten, steane ek noch de folgjende aktiviteiten op de agenda:

7 jannewaris	Nijjiersbrunch
27 jannewaris	Snertmiddei
23 maart	Muzyk fan Yme & The Farm-breakers

Op de webside fan Jellum-Bears binne fierder alle kommende aktiviteiten te finen.

Wit dat it doarpshûs yn Bears ek hierd wurde kin foar in ferskaat oan oare mooglikheden, tink derby oan famyljefeestjes, jierdeis, lêzingen, gearkomsten, workshops, kursussen, repetearromte foar toaniel, mar ek foar itensjes. Binne der oare ideeën, wy hearre it graach.

Foar reservearringen en fragen kinne jimme skilje mei Thea Zwager (06-215 929 43).

It bestjoer Doarpshûs De Ald Skoalle